

Plaknammen en Rixt-dichters yn Alde Leie op snein 8 oktober

Muzyk fan Jan de Vries en Ruben Bus

In kulturele middei yn doarpshûs Us Gebou yn Alde Leie.

Pieter Duijff hâldt in lêzing oer Fryske plaknammen
n.o.f. syn boek

[Der dy namma fan heten is](#) – *it komôf fan plaknammen.*

Fan [Dichterskollektyf Rixt](#) sille optrede:
Carla van der Zwaag, Cornelis van der Wal
en [Dichter fan Fryslân Sigrid Kingma](#).

Met Bildtse fersys fan [Jan de Vries en Ruben Bus](#).

Presintaasje: Janneke Spoelstra.

Tiid: 15:00-17:00 oere (ynrin: 14:30 oere)


Tagong: fergees.

Opjefte by Janneke Spoelstra, fia de e-mail (oerset@planet.nl),
of tel. 0518-403840.

Plak: doarpshûs Us Gebou, Streek 9, Alde Leie.

*Mei mooglik makke troch de Gemeente Ljouwert en de Stichting Cultuur Regio
Stiens (www.cultuurregiostiens.nl).*

Mear ynfo:



Yn Fryslân tilt it op fan doarpen, en der binne ek noch alve stêden. Efter de namme fan elk fan dy delsettingen sit in ferhaal. Wêrom hawwe de minsken harren wenplak neamd sa't it hyt?

Pieter Duijff is al mear as trije desennia oan de Fryske Akademy ferbûn. Hy hat dêr al dy tiid warber west op it mêd fan Fryske wurdboeken en wurdlisten.



Carla van der Zwaag is hikke en tein yn Hearrenfean en wennet no yn Peins. Se debutearre yn 2022 mei de dichtbondel *Mika-eagen*. Nei har trouwen, trije bern en 25 jier foar de klasse wie der (wer) tiid foar dichtsjen. Yn har debútbondel *Mika-eagen* stean sawol fleurige as wat tryst kleurde fersen. It giet oer famylje, fakânsje, harsels en de leafde. (foto: Catrinus van der Veen)



Cornelis van der Wal wennet yn Ljouwert. Hy hat 8 dichtbondels publisearre. Foar syn debút *In nêst jonge magneten* krige er yn 1993 de Fedde Schurer-priis. Yn 2021 die Van der Wal mei oan it Transpoëziefestival yn Brussel. Op 2 april fan dit jier waard yn 'e Poëzieroute Leeuwarden in stien ûntbleate mei in gedicht fan him oer de winkel fan Auke Rauwerda. (foto: Dinie Postma)



Sigrid Kingma is berne en grutbrocht yn Drachten. Se studearre Nederlânsk en Frysk yn Grins en wennet dêr noch. Op 't heden is se Dichter fan Fryslân (2022-2023). Se debutearre yn 2016 mei de Frysk-Ingelske dichtbondel *Reade triedleas/Red wireless*. Mar se fynt harsels net in bondeldichter. Leaver stiet se op it poadium. Se wol harsels hieltyd op 'e nij útfine. (foto: Reyer Boxem)



Keel is een project van de Bildtse zanger en liedschrijver Jan de Vries. Hij vertolkte 14 bekende en onbekendere nummers van de in 2013 overleden singer-songwriter J.J. Cale in het Bildts. Dit heeft geresulteerd in een prachtig album dat in juni 2021 werd gepresenteerd. Samen met Ruben Bus op bas speelt Jan deze nummers, en eigen werk, live in Alde Leie.